

Spulwike Nijs



Spulwike Littenseradiel 2017. 24 oant en mei 28 july 2017. 15e jiergong



Fan de foarsitter Holle Bolle Tsjing!

Kinne jo dat gefoel? It gefoel dat alles kloppet? Ik hie dit op ús jubileumdei.

Op de jubileumdei woe it ferhaal dat de Donia's, Walta's, Buwalda's en Epema's ris opholden fan rûzje meitsjen en mei elkoar fierder gean soenen. Gewoan, as in team, as in grutte famylje. Net seure mar gewoan mei-inoar it libben trochgean en dingen dien krije. It is in pracht fan in metafoar at ik allinnich al oan ús organisaasje tink: ien grutte famylje mei each foar elkoar en it besef dat elk famyljelid der ta docht en op syn manier de folle hûndert prosint jout om der mei inoar foar de bern wat moais fan te meitsjen.

En wat moais, dat waard it: de hiele wike waarden der yn Kingdum, Slot Snettill en Slot Wierrum rûnom it tema Midsiuwen wer de moaiste Spulwikespultsjes spile. Survivalje, ferve goaie, sjonge en boppe alles lekker dwaan wat thús en op skoalle net mei, binne in oantal saken wêr't de Spulwike sa om bekend stiet.

En dan de knallende ôfsluter: de jubileumdei. Wat te tinken fan bygelyks dy gigantyske stoarmbaan, mei mooglik makke troch Stichting Holle Bolle Tsjing en De Freonen fan Spulwike. Mei as hichtepunt it pankoekiten mei rom 750 minsken op it plein foar De Helling yn Winsum. Mar ek it fierljeppen, in mega foksejacht, it sminken en it meitsjen fan in nij famyljewapen makken dizze dei ta in grut sukses. In wurd fan tank oan de jubileumkommisje is dêryn mear as op syn plak: jimme hiene it poerbêst foar elkoar!

Boppesteande makket my grutsk en tankber foar elk dy't by ús organisaasje belutsen is. Bern, âlders, frijwilligers, stipers en elk dy't by Spulwike belutsen is: dankewol. Dankewol dat jimme by ús famylje hearre en mei ús foar de bern in unike wike fol feest en gekjeien mooglik meitsje wolle. It



docht ús goed om te merken dat it draachflak foar de Spulwike noch altyd grut is.

Minder moai is it feit dat we dit jier ôfskied nimme moatte fan ús gemeente Littenseradiel en boargemaster Liemburg. Jierren hawwe hja ús as Spulwike stipe en in mate fan belutsenheid sjen litten wêr't wy mar wat wiis mei wiene. Allinnich it feit al dat boargemaster Liemburg mei har beppesizzer by ús delkaam op de jubileumdei seit al genôch. It sjongen fan "Liemburg, betanke!" wie passend en ek ik sis út namme fan elk dy't wat mei Spulwike te krijen hat: Liemburg, betanke. Littenseradiel, betanke!

Mei it fuort fallen fan in wichtich famyljelid yn de foarm fan de gemeente Littenseradiel, wol ik jo fan herte útnûgje om diel út te meitsjen fan ús famylje. Minsken, wurdt Freon fan Spulwike en soargje der mei ús foar dat Spulwike minstens 100 jier wurdt en dat it mear dan ea wat fan de mienskip fan it Littenseradiel fan foarhinne wurdt. Want dat wy fan ôf kommand jier Spulwike oars organisearjen gean is in feit. Dat it trochgiet ek.

Ik winskje jimme út namme fan alle frijwilligers in noflike simmer ta, in soad lêswille yn ús Spulwikekrante en graach oant oar jier. Want ek dan is der gewoan wer in Spulwike!

Johannes Hazenberg
Foarsitter Stichting Spulwike Littenseradiel



Bonuspunten foar bommetjes.

Side 2



In wiete survivaldei yn Kingdum.

Side 3



Spulwikeferhaal fan de heks.

Side 7



Ien grutte famylje.

Side 8

51 wiken wachtsje en dan.. los!

Troch: Marlou en Sita

Easterwierrum - 'Is alles op wol op 'e tiid klear?' 'Komme de bern allegear wol nei Slot Wierrum?' Mar mei nammen: 'Hoe komt it

mei it waar?' Dat binne fragen dy't alle liederen en de organisasje dwaande hâlde foar't de Spulwike begjint. Moandei is altyd de spannendste dei fan de hiele Spulwike. En it makket

net út oft it dyn earste of achtste Spulwike is. Alle liederen sjonge yn gedachten it ferske fan 'de Grutte Bear' yn 'e hoop dat it dizze Spulwike net reine sil. En ja hear, in heal oere foar't de bern komme wurdt it drûch!! De hiele dei is der in moai stikje blauwe loft te sjen presys boppe Slot Wierrum, mei swiere grize loft en yn in rûntsje om ús hinne. We dogge te gekke spultsjes, sjonge in bulte ferskes en fersiere de tintjes en elkoar mei ferve en blauwe drek. Kening Joost en Knecht Onkoal fermeitsje ús mei grappen, ferhalen en helpe ús mei it sykjen nei de yngrediïnten foar it superkrêftresept. De spannendste dei fan 'e wike is



hast wer foarby en der komt in famke nei ús ta: "Ik bin sa bliid dat de Spulwike bestiet, ik fyn it

sa leuk!" Se hat gelyk, Spulwike is te gek en dat al 45 jier!

Bonuspunten foar bommetjes

Troch: Boukje en Jitske

Easterlittens - Eeen daaaaar gaat ie dan weer...! Hjoed wie it einlings wer tiid foar de moaiste wike fan it jier: Spulwike! Om 9.00 oere kamen de ear-

ste bern binnen drippen. De brulloft fan ridder Johannes en prinseske Sijbelientje stie hjoed op it programma. It feest wie noch net kompleet, want de liederen wiene nearne te bekenen. Lokkigernôch hie Hermine alle-

gear puzelstikjes, wêrmei't de bern harren liederen fine koene. It wie betiden in hiele pluzerij, mar úteinlik hat elk groepke harren lieder fûn. Werom op it fjild wie it tiid foar it tinte bouwen. Mei de tuorren wie it dit kear in hiel stik



makliker en koene wy rap troch nei it ferve smiten. As wiene wy yn de midsiuwen bedarre, sa fûl gong elkenien op yn 'e striid. Mei de ferve noch efter de earen siet elkenien klear foar it ja-wurd, doe't in hekse Sijbelientje betovere mei in tsoendersdrankje. Lokkichernôch koe de spreuk ûngedien makke wurde troch tomaten en aaien te sammeljen by sport-en-spul. Mei alle bonus punten foar de 'bommetjes' yn 'e feart wiene der sels noch tomaten en aaien oer wêrmei't wy de hekse bekûgelje koene. De bern wiene bloed fanatyk en sa hawwe wy de dei fantastysk ôfsletten.



It hekst yn Kingdum

Troch: Tessa en Inez

Weidum - De earste dei is oanbrutsen yn Kingdum en hjoed is alles yn it tema fan heksen. Yn stee fan it sykjen fan liederen troch hiel Weidum, hawwe de bern no

de Spulwike te iepenjen. Troch dy speurtocht is der in wiere heksensop makke. Op de plakken dêr't de bern lâns moasten, wiene yngrediïnten foar dizze heksensop te finen dy't de bern riede moasten. De yngrediïnten

kear roppen waard, kaam der reek ûnder de tsjettel wei en wie der griene ranja! De hutten binne dêrnei wetterticht makke en it fervegefjocht mocht fansels net ûntbrekke op dizze prachtige sinnige dei. Omdat it moai waar wie, koene de bern harren waskje yn it swimbad efter de Arena en it wetter wie krekt in reinbôge. De earste bonuspunt wie yntus-



tegearre mei harren liederen in heksenspeurtocht dien om

waarden ynfuld yn in wurdpuzzel en dêrtroch kaam der in heksenspreuk út. Nei't dizze spreuk trije



ken foar de Flintstones, mar der koene noch folle mear punten fertsjinne wurde mei de spultsjes op it keatslân. Hjir wiene seis spultsjes wêrby't de groepkes tsjin inoar striede moasten foar de earste dei-oerwinning fan Spulwike 2017! Nei dizze seis spultsjes kaam de winner fan dei ien oan it ljocht; De Gladiators! Wat in machtige dei hawwe de bern en de liederen hân en sy kinne harren mar ree meitsje foar de krústocht fan tiisdei.

In wiete, spektakulêre en machtige survivaldei yn Kingdum

Troch: Teun Bouma

Weidum - It is tiisdei te moarn. De lieder wurde wekker op it tintekamp. De waarberjochten wiene net sa bêst, mar by it fan bêd gean, like it dochs frij knap waar te wurden. Op tiisdei is it yn Weidum (Kingdum) altyd survivaltiid. We wiene dêrom bliid mei it sa op it each lykjende moaie waar. Doe't de survival iennis

begûn wie, feroare dat spiti-gernôch. It begûn te reinen. En sa no en dan ek bêst! Mar dêr wie de wille net minder om. Want foar in protte bern en lieder is dit de moaiste dei fan de wike! Dus elk rûn mei in goed sin de arena út, op nei it earste spultsje. By hast alle spultsjes wie it ûnmooglik om droech te bliuwen en dus wie sa'n 80% fan de bern om in oere as healwei alven al kopke ûnder



west yn de feart. Kaam dat net troch it spultsje, dan wie dat wol om't de bern sa lekker entûsjast wiene dat se út harsels wol rjochting de blauwe drek sprongen.

De dei foarderet en it waar wurdt minder. It begjint noch hurder te reinen yn it oars altyd sa sinnige Kingdum. Mar de bern en de lieder hawwe noch hieltyd in protte wille! It iene spultsje wie noch moaier as it oare! Se fûnen it prachtich. Se draafden fan spultsje nei spultsje om lekker even op

te waarmjen.

Even bekomme ûnder de útlis fan de nije útdaging en dêr giene se wer; plons! De blauwe drek siet oeral! It wie in machtich gesicht! Spitigernôch wie it noch hieltyd net droech. It waar foel behoarlik ôf. En it waard no echt te wiet en

te kâld. Doe besletten wy om mei ús allen nei it doarpshûs te gean. Dêr wie it waarm en droech. De muzyk gie oan en it lêste oerke wie ien grut feest! Dit belooft wat foar de disko fan moarn te jûn!



Spul om'e piip en skûlje yn'e Jister

Troch: Susanne en Djoeke

Easterlittens - De tiisdei begûn sa as alle jierren mei in spul om de piip. Mei alle lieder en bern it doarp yn, op syk nei it spultsje. Underweis noch efkes in frisse rein bui wêrtroch ferskate groepkes ûnder de beam of de carport skûlen. En doe koene we los, de toeter gie! Alle bern ha in protte wille hân mei de spultsjes, der wie gjin ien itselde. Sa folle mooglik punten behelje; wat wiene

de bern fanatyk! Dêrnei mei alle bern en lieder wer rjochting it fjild foar in lekker mieltsje en wat

poeiermolke. Mar doe begûn it waar in gruttere rol te spyljen dizze dei. Ferskate groepkes gon-



gen nei de pleatste spultsjes yn it doarp. Skippyballenrace, rûpenrace, sekjerinne, op de iisbaan in kastiel bouwe en op it fjild it rôvers-spul. Mar al hiel fluch wiene we allegearre hielendal wiet reint. Doe stie de film al klear yn 'e Jister. Gesellich mei ús allen yn 'e Jister, wat in geweldige sfear wie dêr! Dêrnei noch in feestje boud mei natuerlik de polonêze en efkes roeie. Elkenien wie wer wat droech en doe koene de bern lekker nei hûs! Al mei al wie it in tige slagge dei mei alle geweldige bern.



Drip, drip, drip...

Troch: Wiard en Sanne El

Easterwierrum - Drip, drip, drip.... Dat wie it lûd dat de lieder hearden doe't se tiisdeitemoarn wekker waarden. As dit mar goed komt hjoed! Nei't wy alle waargoaden 'oanbeden' hiene en de bêste 'moves' foar

Slot Wierrum.

Earst ha alle bern muzykynstruminten makke foar de optocht fan fannejûn. Mar dermei wie de dei noch lang net foarby. Nei it meitsjen fan de toverdrank fan juster, it ferhaal fan de heks - dêr't út bliek dat der in flok op de toverdrank siet - en it der

hjoed mei in wiere foksejacht. Yn Slot Wierrum rûnen allegearre figuren om, dêr't wol wat oan mankearde. Want wat tinke jo fan in jager dy't in ko fan de wynwizer op ite wol. Of in plysje dy't samar midden op'e dyk rint? By dizze foksen krigen de bern allegear oanwizings foar de antyspreuk. Nei't wy de antyspreuk op it fjild ûntsfere hienen, ha we earst lekker mei syn allen iten. Doe wie it middeis tiid foar spultsjes 'hand high-land games'. Al hoe bot se harren bêst dienen,

de begelieder hienen net genôch dûnse dy moarns, want nei ien rûntsje kaam it wetter mei bakken út de loft. Gau nei binnen, waarm en smûk foar de film, wat ek wol wer wat hie!

Nei't de measte buien Slot Wierrum ferlitten hiene, giene we binnen en bûten fierder mei in oantal grutte groepsspullen en fansels it sminken foar de optocht. En doe wie it dan safier; alle âlden, pakes en bepapes, broers en suskes, omkes,

tantes en jo kinne it sa gek net betinke, stiene oan de kant fan de dyk. Lûd razend en lawaai meitsjend ha wy de antyspreuk troch Slot Wierrum roppen: 'Kening, kening, kening. Knecht, knecht, knecht! Nei noch in skitterjende ôfsluting gienen alle bern en lieder wer nei hûs! It wie fantastysk!



de sinnedûns tapast, giene we rjochting it slot en de arena. Wy wiene klear foar de twadde dei yn

efter kommen fan it bestean fan in antyspreuk, sadat de toverdrank wol wurkje soe, starten wy

FYNSTO EK DAT SPULWIKI
BESTEAN BLIWE MOAT?
WURDT DAN FREON FAN DE SPULWIKI
EN STYPTJE ÚS MEI €25!

GEAN NEI WWW.SPULWIKI.FRL EN
KLIK YN IT MENU OP 'FREONEN'



DE SPULWIKE STIPERS FAN 2017:

Coöperatiefonds Rabobank Sneek-Zuidwest Friesland	Fonds Bolsward - Dronrijp 1993	Stichting Wommels	Stiepot Winsum	VSF Fonds
Architectenbureau Syb C. Eldering B.V. www.sybeldering.nl Mantgum 058-2501819	Altis www.altis-bv.nl Wiuwert 058-2501545	Accu Service Centrum ASC www.accuservicecentrum.nl Leeuwarden 058-2890900	A.C.R. www.acrwinsum.nl Winsum 0517-341556	Administratiekantoor G. van Putten www.gervanputten.nl Kubaard 0515-331919
Anneke Naaiertelier Easterwierrum 06-49852995	Audio Frysk / DAT Tekstbureau www.audiofrysk.nl Easterwierrum 058-2501465	Autobedrijf Hoekstra www.autobedrijfhoekstra.nl Hylaard 058-2519216	Autobedrijf Menno Walinga www.autofit-mennowalinga.nl Winsum 0517-342349	Autobedrijf Sypersma www.autobedrijf-sypersma.nl Easterwierrum 058-2501215
Autobedrijf Wheagan Multicar Service www.wheagan.nl Wommels 0515-333121	Autobedrijf Wielinga Brand Oil Tankstation www.wielinga-wommels.nl Wommels 0515-332876	Autohuis Winsum www.autohuiswinsum.nl Winsum 0517-341917	Autoverkoopbedrijf Van der Wal www.autoverkoopbedrijf.nl Wommels 0515-332800	Autobedrijf Witteveen & Brouwer www.witteveen-brouwer.nl Easterein 0515-331280
Autobedrijf Haaima www.autohaaima.nl Ljouwert	Bakker Verreikerverhuur Bakkerverreikerverhuur@gmail.com Baaium	Boekhoudburo Van Balen www.vanbalenboekhoudburo.nl Jellum 058-2519296	Boerencamping de Swetteblom www.swetteblom.nl Bears 058-251 94 85	Bosma Bouw www.bosmabouw.nl Hilaard 06-13786944
B. Wiersma Koelwagenverhuur Itens 0515-332198	Bouwbedrijf Andree www.bouwbedrijfandree.nl Boazum 0515-520984	Bouwbedrijf Bootsma www.bouwbedrijfbootsma.nl Easterwierrum 058-2501325	Bouwbedrijf Bootsma B.V. www.bootsma-tirns.nl Tirns 0515-569394	Bouwbedrijf Frankena www.frankenabouw.nl Wommels 0515-331263
Boubedriuw Kooistra Kûbaard 0515-331330	Bouwbedrijf N. Scharringa www.bouwbedrijfscharringa.nl Wjelsryp 0517-342806	Bouwbedrijf Van der Sloot www.bouwbedrijfvdsloot.nl Winsum 0517-341630	Bouw- en Restauratiebedrijf Sytse Douwe van der Vegt www.sdvandervegt.nl Weidum 058-2519247	Bouwe Jan Bouma Horecaspecialiteiten Boazum 0515-521351
Bouw-Tekenburo Wietse B. Ligthart www.bouw-tekenburo.nl Wommels 0515-333075	Bedrijven Centrum Weidum bcweidum.nl 06 255 716 18	Brandenburgh Administratie & Advieskantoor www.brandenburghadm.nl Easterwierrum 058 250 1628	Basis-Groen Boazum 0515-521520	Cofri Miedema Handel en Verhuur www.cofrimiedema.nl Easterwierrum 06-44560225
Camping de Finne www.campingdefinne.nl Reahûs 0515-331218	Couperus Hydrauliek B.V. www.couperushydrauliek.nl Easterein 0515-332288	Comfort Koe www.comfortkoe.nl Wjelsryp 06-10521322	Coop Supermarkt Tolsma www.coop.nl Winsum 0517-341669	Camping de Slypstien www.campingdeslypstien.frl Wjelsryp – 0517-392654
Camping Passantenhaven It-Kruswetter www.it-kruswetter.nl Easterlittens 0517-341040	Chiropractor Galema Snits www.rugzonderpijn.nl Snits 06-46852461	Café Baard cafebaard.nl 0517-234692	Café De Boazumer Mjitte www.boazumermjitte.nl Boazum 0515-521274	Dorant Installatiewerk Weidum 06-53579103
Dierenartspraktijk It Griene Hert www.itgrienehert.nl Wommels 0515-331387	De Vijf Sinnen www.devijfsinnen.nl Weidum 058-2519217	De Vlinder Bloemsierkunst devlinderwommels@gmail.com Wommels 0515-332403	D. Bouma Keukenmontage Easterlittens 06-48704042	Echte Bakker Posthuma Wommels, Bolsward, Sneek, Scharnegoutum www.echtebakkerposthuma.nl
Fierljepferiening Winsum www.fierljeppenwinsum.frl	Fa. D. Van Wieren VOF Wommels 06-22786867	Friese Elfsteden Rijwieltocht	Folkertsma Metsel- & Klusbedrijf www.folkertsma-metsel-en-klusbedrijf.nl Wjelsryp 0517-341942	Fysiotherapie Jelle Sybesma www.jellesybesma.nl Mantgum
Frankena Loonbedrijf en Grondverzet www.frankenawinsum.nl Winsum 0517-341681	Fokkema Farming Slappeterp 0518-451559	Frisian Systems www.frisiansystems.nl Wjelsryp 06-22768474	Gerbrandy State B&B Groeps Accommodatie www.gerbrandy-state.nl Boazum 0515-521110	Greidanus Mechanisatie Winsum www.greidanuswinsum.nl Winsum 0517-341347
Gebr. Vellinga B.V. Int. Handels- & Transportbedrijf www.gebrvellinga.nl Easterein 0515-331565	Gebr. Swierstra VOF, Tuinaanleg en Loonwerk www.gebswierstra.nl Weidum 06-23102848	Gezondheidscentrum GJ Fokkens www.gezondheidscentrumfokkens.nl	Hoveniersbedrijf T. Melein Easterwierrum 058-2501568 / 06-19692904	Huisartsenpraktijk L.J. Lukkes Weidum 058-2519224
H.B. Bergwerff Apotheekhoudend Huisarts Baard 0517-341272	Herberg het wapen van Friesland www.hetwapenvanfriesland.nl Easterlittens 0517-342996	Hessel's Toiletwagenverhuur www.hesselstoiletverhuur.nl Stiens 058-2574539	Henk de Boer Melktechniek www.henkdeboermelktechniek.nl Jellum 058-2519488	Holiday ice BV www.holidayice.nl Sint Nyk 0513-433000
H.J. Ontwerpt en voert uit www.hjontwerptenvoertuit.nl Weidum 06-42079662	HEMA Boalsert 0515 572 612	HM Montage-installatie www.hmmontage.nl Wjelsryp 06-46596585	Hotel Restaurant Weidumerhout www.weidumerhout.nl Weidum 058-2519888	HBW Montage www.hbwmontage.nl Baaium 06-55564574
Iisbaankeukens info@iisbaankeukens.nl Wommels 06-51588066	Installatiebedrijf De Jong www.dejonginstallatiebedrijf.nl Easterein 0515-331512	It Reade Hynder www.itreadehynder.nl Wommels 0515-331224	J. Dijkstra Schilder en Restauratietechnieken Easterwierrum 058-2501891	JC Bouw www.jcbouw.nl Wjelsryp 0517-341284

Op hokker wize dan ek Tige tank

**Benijd nei mear foto's? Wy hawwe alles online setten op ús Facebook-pagina.
Like Spulwike dus op Facebook en genietsje noch efkes nei!**





DE SPULWIKE STIPERS FAN 2017:

J.P. Walda Bouwsupport Wjelsryp 06-52344044	Jant Evenementen www.jantvandijk.nl Mantum 06-20494345	Jafri Berheer B.V. Jellum	Jumbo Kooistra Wommels 0515 332 326	Jumpverhuur www.jumpverhuur.nl Akkrum 0566 650 502
Jansma Wegen & Milieu BV www.jansma.biz Drachten 0512-334070	Kooistra Reizen www.kooistrareizen.nl Franeker	Klussenbedriuw "It Wiel" www.itwiel.nl Weidum 06-22385802	Kinderopvang 'Ons Plakky' www.onsplakky.nl Weidum 058-2159686	Klaversma Bouwbedrijf www.klaversma.nl Mantgum 058-2501619
Klaversma Schoenen www.klaversmaschoenen.nl Mantgum 058-2501503	Kapsalon Nij Skjirrich www.kapsalonnijskjirrich.nl Mantgum 058-2501200	Kalverbungalow.nl Raerd 06-450 441 41	Kinderopvang 'Bij Maaïke' Weidum 058-2519841	Kalverbungalow.nl info@kalverbungalow.nl Raerd 0645044141
Klaas Wynia Timmerwerken klaaswynia.nl Easterlittens 0681638683	Kapsalon Rommy Weidum 058-2519049	Lyts kanaän www.lytskanaan.nl Mantgum 058-7110521	Logopedie Friesland logopediefreisland.com Mantgum 06-27064994	Loonbedrijf Rispens www.loonbedrijfrispens.nl Itens 0515-331792
Loonbedrijf A.S. Greijdanus Loonbedrijf greijdanus@gmail.com Jellum 06-24680044	MHB Event Facilities www.mhbeventfacilities.nl Bolsward 06-18121242	Massagepraktijk An't werk massagepraktijkantwerk.nl Mantgum 06-52133130	Massagepraktijk An't werk www.massagepraktijkantwerk.nl Mantgum 06-52133130	Meester Show- en Theatertechniek www.meesterlijktheater.nl Grou 0566-620791
Modeschoenen Rutten www.rutten4shoes.nl Sneek 0515-414584	Montagebedrijf W.J. Kramer Winsum 0517-342068	Murk's Slagerij www.murksslagerij.nl Wommels 0515-331340	Noflik Easterein www.noflikeasterein.nl Easterein 0515-331290	Noordmans Maaiservice noordmansmaaiservice.nl Britswert 06-23189069
Notaris Kantoor Mr. G.S. van der Hem www.notarisvanderhem.nl Jorwert 058-2519441	Nico Kloppenborg Tuinontwerp www.nicokloppenborg.nl Mantgum 058-2501989	Now Cars www.nowcars.nl Wommels 06-20217985	Nijdam Schadeherstel & Oldtimer restauratie www.nijdamschadeherstel.nl Wommels 0515-333025	Op 'e Skille www.skille.nl Wommels 0515-332880
Plattelandsvakantie op Nij Wybranda www.nijwybranda.nl Boazum 0515-521344	PreTon Nederland info@preton.nl Frjentsjer 0650695730	Peter Zijlstra Timmerbedrijf Easterwierrum 058-2501559 / 06-34504259	Poiesz Supermarkten www.poiesz-supermarkten.nl Mantgum	Ronny Roskam onderhoud, renovatie en zinkwerk www.ronnyroskam.nl Easterlittens
Sijperda Verhuur www.sijperdaverhuur.nl	Schildersbedrijf Nijdam Wommels 0515-332754	Schots Machinery www.marcelshots.nl Wommels 0515-333615 / 06-29026109	Stienstra Houtimport Boazum 0515-521264	Silobags.nl info@silobags.nl Jorwert 06-14394724
Skilderwurken Ferry de Boer mail@ferrydeboer.nl Bears 058-2519478	Schildersbedrijf Lanting Boazum 0515-521645	Smids DesignStudio www.smidsdesignstudio.nl Leeuwarden 058-2136052	Slachtepop www.slachtepop.nl	Studio Dyk Mantgum 058-2519371
Schroevenkopen.nl www.schroevenkopen.nl Winsum 06-22768513	Studio Haaima www.studiohaaima.nl Bears 058-8795538	Studio Roscher www.roscher.nl Weidum 058-2159686	Timmer & Onderhouds bedrijf Jan Pieter De Boer Bears 06-10949013	T. van der Wal Coating Boazum 0515 521 019
Tallship Company Easterlittens 06-51601696	Technisch Servicebedrijf Meindersma www.tsm-installatietechnik.nl Weidum 06-23842982	Terluin Metselwerk & Gevelrenovatie Jorwert 06-12937208	Technisch Installatiebedrijf D.A. Reekers B.V. www.dareekers.nl Easterlittens 0517-341458	Talsma Bouwkundig Advies-, Ontwerp- en Tekendebureau www.albertdirktalsma.nl Weidum 058-2130793
Terluin Metselwerk & Gevelrenovatie terluin@ziggo.nl Jorwert 06-12937208	Timmerbedrijf Wijnia info@rwijnia.nl Weidum 058-2552053	TRW Service www.trwservice.nl Wommels 06-53391085	T. Bergsma Bouwservice Wjelsryp 06-22740359	Tichelaar Startmotoren www.startmotoren.nl Winsum 0517-341065
T.M.B. De Jong B.V. www.tmbdejongbv.nl Wommels 0515-331201	Tweewielers De Jong www.tweewielersdejong.nl Wommels 0515-332565	Tuincentrum Gaardenier www.tuincentrumgaardenier.nl Wommels 0515-332900	VDL Stud & Sporthorses www.vdlstud.com Bears 058-2519473	Van der Velde Slaapcomfort, mode & textiel www.uwslaapspecialist.nl Winsum 0514-341268
Veenstra Constructie en Installatie www.veenstrawelsrijp.nl Wjelsryp 0517-341201	www.mtsvici.nl	Woonvaria Colors@home www.woonvaria.nl Wommels 0515-332605	Wiersma Tentenverhuur www.wiersmatenten.nl Leeuwarden 058-2519202	Zeinstra Mediaton training en coaching www.trukezeinstra.nl Bears 058-2519724
Gemeente Littenseradiel	Doarpshûs MFC 'De Tysker' Easterwierrum	Doarpshûs Weidum	Doarpshûs MFC 'De Jister' Easterlittens	MFC de Helling Winsum

foar al jim stipe **GEWELDICH !!!**

Teepûdsjespul yn Wommels

Troch: Gerbrig

Easterlittens/Wommels - Op de woansdei fan 'e spulwike ferlitten wy it moaie Slot Snettil om Wommels heare te litten hoe lûd we sjonge kinne. En om in plons yn it wetter te meitsjen. De bern begongen mei in estafette, wêrby de ien noch fanatiker ûnder it seil troch dûkte as de oare. Mei hearlik waar stie nei de estafette it teepûdsje spul op it programma. Allegearre in hoeke fan Wommels en ruilje mar. In fyts, in muzykboks, in swimbad, neat wie te mâl om der foar



it swimbad. Yn it swimbad koene de bern wer fan 'e glydbaan en de lange matte. Ek waard der jonast en foarmen de liederen en bern in grutte draaikolk. Sa wiene de bern alwer goed wurch en siet de sinnige dei yn Wommels der al wer op.



te soargjen dat de doarpsloeder de ûntfierde prinses werom jaan woe. Nei it hurde wurkjen, efkes ite, ranja sûpe, sjonge en op nei

Einekroasmei blauwe drek en komkommer?

Troch: Elizabeth en Elke

EASTERWIERRUM - Op woansdei is de Spulwike wer troch de helte en foar Slot Wierrum betsjut dit in nije groep mei entûsjaste bern. De

ferskate yngrediïnten nedich, sa as einekroas fan it reade plein, blauwe drek, komkommer en in kwakje toskepoetsersguod. De produkten wiene ferstoppe yn it doarp en de bern mochten se sykje om de toverdrank kom-



dei wurdt energiek starten mei de wolbekinde Spulwikeferskes wêrtroch it iis al fuortendaliks brutsen is. Kening Marrich en Knecht Omkoal, Wietse, fertelle de bern dat it swurd al 45 jier fêst sit yn de grûn. Allinne mei de toverdrank fan 'e heks kin dit allermachtichst moaie âlde swurd út 'e grûn lutsen wurde. Mei dit swurd kinne de bern fan Slot Wierrum opbokse tsjin de âldere bern út de oare doarpen tidens de jubileumdei op freed. Foar de toverdrank wiene



pleet te meitsjen. Yn plak dêrfan wiene de bern sa entûsjast dat se by elts hûs oanbelle ha om sa noch mear yngrediïnten te sammeljen. Oerol dêr 't de bern oanbellen, wiene de bewenners hiel entûsjast; it soarge der foar dat eltsenien in fantastyske dei hân hat.

It beruchte Spulwike Swarte gat

Troch: Boukje Kuipers

Hiel efkes stiet de tiid stil. In wike lang bist fan de radar. Kompleet ûnderdompele yn alles wat by Spulwike heart. Gjin inkel benul fan tiid of nijs op it sjoernaal. Nee, do bist allinnich dwaande mei dyn eigen lytse wrâld: dyn groepke bern, ferskes sjonge, tinten bouwe, de kiel sa no en dan smarre mei Strepsils en ferrekte folle wille meitsje. Libje yn it momint!

Mar dan, as de Spulwike foarby is, betinkst dy dat de wrâld gewoan trochgien is; sûnder dy. De realisaasje dat dizze wike mei allinnich mar wille, nije freonskippen en blide bernegesichten dan yn ien kear foarby is en datsto wer dielnimme moast oan de gewo-



ane wrâld. Jawol, ik ha it oer it beruchte 'Spulwike Swarte Gat'. Eins witte je pas écht wat dat ynhâld as je sels lieder west hawwe yn de Spulwike. En ja, dat ha ik tsien jier dien. Sa'n seis jier in groepke en fjouwer jier sekretaris yn 'e stichting. Ik kin mei oertsjûging sizze: de moaiste tiid fan myn libben. It hat my in hiel

soad brocht. Myn bêste freondinnen, geweldige oantinkens oan al dy leave Spulwikebern en jawis, myn eigen Spulwikeferkearing!

Dit jier wie myn lêste jier Spulwike. Tsjien jier is fansels in prachtich momint om je Spulwikekarriêre te einigjen. En dan wie it ek nochris in jubileumjier; moaier koe net.

Moannen foar de Spulwike drok mei gearkomsten, ûntwerpe fan de brieven, de Spulwikekrante, de webside en fansels Facebook. As je alle oeren optelle, hawwe je der in fatsoenlike baan neist. Mar dan brekt de Spulwike oan en witte je wêr't je al it hurde wurk foar dien hawwe: dy geweldige bern! Ik ha dochs grif elke dei de triennen wer oer myn wangen hân. Wat kinne je dy bern dochs in net te beskriuwen moaie wike besoargje troch de ynset fan sa folle frijwilligers dy't harren belangeleas ynsette. Dat is dochs hast net te leauwen?!

Ik krij der wer pikefel fan.

Mar sa't guon sizze: "Der is in tiid fan kommen en in tiid fan gean". Hartstikke cliché wat my om giet, mar it is wol wier. Dit fantastyske diel fan myn libben sil ris ôfsletten wurde moatte en dat momint is no. Mei pine yn it hert rop ik dan mar: "Stoppe op je hichtepunt", of sokssawat. Al sit Spulwike my yn 'e ieren en dat krije jo der nea wer út. Dat ik stopje, fielt eins as in swiere kater; wat sil ik alles misse! En it swarte gat? Dat sil tink ik nea wer ferdwine.

It swurd fan Grutte Pier en it bal

Troch: Pytsje en Wouter

Weidum - De woansdeis stie yn it teken fan de Kastielen. Dan tinke we fansels oan ridders, sterke stoere manlju en froulju út de midsieuwen. Fêst krekt sa stoer as de bern en liederen út Kingdum. Want nei twa dagen Spulwike wiene de bern der klear foar: yn hokker groepke sitte de sterkste striders út Kingdum? Net ien minder dan DE STERKSTE MAN FAN FRYSLAN: Wout Zijlstra kaam del om dit yn in ûnderlinge



striid ut te fjochtsjen. Alle spierballen kamen út de mouwen en Wout stie fersteld fan de krêft fan alle bern. Mar leafst trije famkes en lökkigernôch ek ien jonge koene sels in pûde fan 2,5 kilo oer in latte fan fiif meter heech hinne goaie. Dêrneist wie der in puzel, koest peallen ferslepe, whiskeyfet rolje, toulûke en fiergoaie mei in bal fan wol fjouwer kilo. De Heilige Harries en de Fryske Rôvers wienen hjir de útblinkers. Dêrneist hawwe ek de liederen sjen litten wa't de sterkste man en frou fan Spulwike binne.

Neist poeiermolke en bôle wie it tiid om te fytsen, al 'hollebolle-tsjingend' yn in lange optocht op it fytske nei Bears en Jorwert. Yn beide doarpen wiene noch inkelde spultsjes te

dwaan en it wie wer in pracht gesicht om al dizze bern troch de greiden fan ús gemeente fytsen te sjen. Doe't we om fjouwer oere werom kamen yn de Arena bruts de sinne hielendal troch. It duorre dêrom net lang foardat we de earste 'plons' hearden en it swimbad wer fol lei mei bern dy't har yn it wetter fermakken. In pracht dei dêr't nog lang gjin ein oan komme soe! Drekt nei it jûnsmiel kaam der in hynder de Arena binnen. Prinses Gerbrich hie in útnoeging foar ús. It hynder wie bang foar razende bern, dus se moasten mûstil wêze om it eale bist binnen te krijen. Mar nei dat punt wie der gjin ûntkommen mear oan. De bern moasten har opkroppe enerzjy kwyt! En dat barde. De diskoflier waard kompleet ferstampe op DE hit



fan 2017. Skouder oan skouder acht kear fan links nei rjochts springe. Dit barde net ien kear, nee de bern en liederen krigen mar gjin nocht fan dit nûmer. Der moast en soe sprongen wurde. Ek it nûmer 'Melken doe je zo' ûntbruts net. Hûndertsechtich bern tagelyk de hannen op en del en melke maar! Ferkoeling kaam dêrnei mei echte bierfles-

kes dy't folle wiene mei ranja. De weromreis nei Flapper wie al wat wiet, mar efkes droech wurde by it kampfoer die de bern goed. It wie magistraal, geniaal!

FAN LINKS TU TU TU TU TU TU TU TU TU NAAAR RECHTS TU TU TU TU TU TU TU TU... TU DE DUUH DE DUUH DUUH!!!

Spulwikeferhaal fan de heks

Troch: Anneke en Janien

Easterwierrum - "Holle bolle flip flap flom, fan ôf no is alles oars om." Hjirmei ha ik woansdei it superkrêftenrecept betovere. Eltsenien tocht dat se sterker waarden troch de superdrank te drinken, mar dat wie fan no ôf oars om. Knecht Onkoal waard allinnich mar slapper en krige it swurd fan Slot Wierrum net út de grûn. Ik siet fan boppe ôf op myn biezem te genietsjen.



Doe't de Kening frege oft de bern my ek seagen yn'e loft, wist ik net hoe gau dat ik nei ûnderen komme moast. Foardat ik it wist hie ik al sein dat de bern nooit de antyspreuk riede soenen. Ik beslute gau fuort te gean, want

myn kat siet yn'e tsjettel.

Ik hearde yn'e fierte de Kening mei de bern oerlizzen hoe't sy dy antyspreuk achterhelje koe. Se betochten dat se de help nedich hienen fan minsken út it

doarp. Dy wenje ommers al 45 jier yn Slot Wierrum en witte fêst mear. Ik seach dat de bern by de ynwenners fan Slot Wierrum ferskillende oanwizingen sammelen. Al gau kamen sy by it earste diel fan de antyspreuk, mar sy wienen der noch net... moahahaha.

Ek tongersdei sweefde ik rûn op myn biezem yn'e loft boppe Slot

Wierrum. Doe't ik seach hoe goed de bern middeis mei de spultsjes en optocht dwaande wienen, fûn ik dat sy ek it lêste stikje fan de antyspreuk fertsjinne hienen. Yn koar rôpen alle bern: "Kening, kening, kening, knecht, knecht, knecht, wy winne elts gefecht!" Hjirmei wie de flok opheven en koe knecht Onkoal nei 45 jier it swurd fan Slot Wierrum út de grûn krije.



In optocht foar de prins en prinses



Easterlittens - Tongersdei stie de brulloft fan de prins en de prinses op it programma. Mar de prinses fûn de ring net moai, djoer en grut genôch en dus koe der noch net troud wurde.

Dêr koene de bern de prins wol mei helpe, troch goudstikken te sammeljen by de foksejacht. In jonkfrou, joker, viking, smid, je koene it sa gek net betinke of it rûn troch Littens. De bern moas-

ten wol goed op harren goudstikken pasje, want der wiene in oantal strúkrôvers dy't it op harren goud fersjoen hiene. Dit soarge foar geweldige mominten. Dravende, laitsjende, mar foaral hymjende bern dy't mar net pakt wurde woene. De strúkrôvers wiene rap op harren brommer en skelters, lokkichernôch wiene de bern tûk en ferstoppen se de goudstikken op ferskate plakken. Mei genôch goudstikken foar in djoere ring wie it tiid foar de survival. Op nei de kabelbaan, toubrêge, de slingeraap en fearten mei in soad blauwe drek. Nei in dûs hawwe de bern ynstruminten makke foar yn de optocht. Mei in soad leven en in machtich fergefjocht foarôf hawwe de bern de longen út harren liif songen. Dat wie dan alwer dei fjouwer fan de Spulwike en moarn noch in dei, wat ha wy in gelok!



De lêste dei yn Kingdum

Troch: Welmoed Vellinga

Weidum - Tongersdei te moarn, wekker wurde by Flapper. De earste bern wiene om healwei seizen moarns al wekker. Se hiene der sin oan! Sliedguod ynpakt, oanklaaid en om 8 oere al ferskes sjongend nei de tsjerke



foar in hearlik moarnsbrochje. Hjir mocht de selsbakte bôle fansels net by ûntbrekke. Mei de bûkjes fol binne wy om 10 oere nei de Arena rûn. Hjir strieden de bern noch ien kear tsjin elkoar om



noch wat ekstra punten te skoren. Stuolledûns, spikerpoepe

en toulûke; it wie in grut súkses. Sels mei it oprûmspultsje,

wêrby't de bern harren tent sa gau mooglik oprûmje moasten,

wiense se bloedfanatyk. Ek de liederes gongen de striid oan tsjin elkoar; se hienen de bananen yn it gesicht! It koe net gek genôch. Dêrnei kamen de senuwen, want wa soe de Spulwikekampioen fan 2017 wurde?

As ôfsluter hawwe we de arena noch ien kear op 'e kop setten mei de hit 'Van links naar rechts'. Nei it útdielen fan de fotolistjes giene de bern de Arena út troch ûnder in earehage fan liederes troch te rinnen. Wy kinne werom sjen op in tige slagge dei!



Ien grutte famylje

Winsum - Foar de jubileumdei wurde altyd in pear âld-liers frege om de organisaasje op har te nimmen. Want der moat krekt wat tefolle regele en betocht wurde, om dat by de oare organen binnen Spulwike ûnder te bringen. Hartstikke moai foar ús, want dan kinne je noch in bytsje ôfkicke fan dizze prachtige happening.

Frees om 9.30 oere stiene der sa'n 570 entûsjaste bern klear op it sportfjild yn Winsum. Dat it fjild in bytsje wiet wie, dat koe se neat skele. Want it wie tiid foar de battle fan Spulwike, de striid tusken de Fryske famyljes Buwalda, Donia, Epema en Walta. Elke famylje hie har eigen kleur en in echte ridder as oanfierder. Harren famyljes ha al jierrenlang rûzje mei elkoar makke en ek al witte dizze ridders eins net iens mear wêrom, se woene allegearre beslist net fan elkoar ferlieze.

Efkes letter bruts de striid los, de bern fleagen it doarp yn foar



de krústocht yn de foarm fan in foksejacht en de fjildslach op de stoarmbaan. De stoarmbaan wie hast wol it grutste sukses: mei sa'n 200 meter wie dit in échte fjildslach! Oare bern oefenen it útbrekken

oer de slotsgrêft op de fierljepkâns en joegen it famyljewapen foarm mei de kleuren fan harren eigen famylje en de jongste bern waarden sminkt.

Alle bern sieten klokklach 12 oere by de Helling oan lange tafels, om as in bataljon echte ridders

allegearre hearlike pankoeken nei binnen te wurkjen, as tarieding op noch in middei fol aksje! Dizze pankoeken wienen bakt troch de heiten en memmen fan de trije Spulwikedoarpen en tal fan oare frijwilligers. Tige tank hjirfoar! De bern en liederes hawwe harren bûk

goed fol ite kinnen.

Oan it ein fan de dei waard dúdlik dat de fjouwer ridders eins famylje fan elkoar binne. En sa is it kommand jier ek mei Spulwike, want nettsjinsteande dat der gjin Gemeente Littenseradiel mear is, bliuwe wy ien grutte famylje. Mei jimme help as Freonen fan Spulwike kin der yn 2018 gewoaner Spulwike fiert wurde. Foar de jierren dernei hawwe wy noch mear freonen nedich, dus wurdt gau freon! Opjaan kin op ús webside, www.spulwike.frl.

Om te fieren dat Spulwike al foar de 45e kear organisearre waard, wie der jûns in grut feest yn Britswert foar alle liederes en âld-liers. Fiif jier lyn wie it dan noch sa dat de trije doarpen wat aparte groepkes wiene op sa'n feest. Wat is it dan geweldig om te sjen dat de lieding fan tsjinwurdich no ek ien grutte Spulwike famylje is. En sa moat it, mei inoar foar de bern!

*Ids de Boer,
lid jubileumkommisje 2017*



Freonen fan Spulwike en Kommisje 2018

It sil jo grif net ûntgien wêze: ús nije orgaan 'De Freonen fan Spulwike'. Grutsk kinne wy jo meidiele dat hast 200 minsken Freon fan Spulwike wurden binne! Alders, hjoeddeistige- en âld frijwilligers, bekende en minder bekende Friezen hawwe mei harren ynskriuwing as Freon fan

Spulwike te kennen jûn it belang fan Spulwike yn te sjen, want we dogge it "Mei-inoar foar de bern"! Ek wy wolle graach in berop dwaan op de ynwenners fan wat no noch Littenseradiel is en elk dy't fan bûten de grinzen ús in waarm hert tadraacht útnûgje om Freon te wurden; want mei jo stipe

as Freon stelle wy mei-inoar de takomst fan Spulwike wis!

De Freonen fan Spulwike is in inisjatyf fan de Kommisje 2018. Dizze kommisje is al hast twa jier dwaande om te wurkjen oan alle saken dy't de gemeentlike weryndieling mei har meibringt. Hjirtroch hat de Stichting

Spulwike alle romte om dwaande te bliuwen mei it organisearjen fan de Spulwike sels. Yn de tuskentiid wurket de Kommisje 2018 dan ta nei in kant-en-klear draaiboek wêrmei de Stichting fan straks feileas de Spulwike troch organisearjen bliuwe kin.

It jout ek de Kommisje 2018 in protte enerzjy om te sjen dat sa'n soad minsken harren belutsenheid toane as it om de Spulwike giet. Hjirfoar sizze wy dan ek tige tank. Wannear't de situaasje dêrom freget, sille wy wer fan ús hearre litte.

Kommisje 2018

De foto's yn de Spulwike krante binne makke troch: Johannes Hazenberg, Jorrit Meinsma, Annamarie Eldering en Boukje Kuipers. Tige tank!